



André & Alfred

Fabryk op stellen

Sa'n 150 jier lyn, waarden allegearre dingen dy't earst ûnmooglik liken, ynienen mooglik. Tûke útfiners betochten fantastyske nije dingen om de minskheid foarút te helpen. Dizze dingen soargen foar sa'n feroaring yn de libbens fan minsken, dat se revolúsjonêr neamd waarden. Tink mar oan glêzen bollen, (lampen) selsridende weinen (treinen en auto's) en de linzen dy't de wrâld fêstlizze koene (kamera's). It wie de tiid fan de foarútgong.

Yn grutte fabriken mei fan dy rikjende skoarstiennen waard fan alles nij makke. Fan fierôf lykje sokke skoarstiennen krekt brânende sigaren, dy 't sa rjochtop yn 'e grûn set binne. En blykber stiene der ek fan sokke fabriken yn Fryslân. Ien fan dy fabriken wie Freia yn Feanwâlden, it earste suvelfabryk fan Fryslân.

Wat my opfoel wie dat it fan binnen hartstikke modern wie. De masines dy 't de tsiis makken, seagen der sa yngewikkeld út dat ik net betinke koe hoe 't se krekt wurken. Mar in pretsje wie it ek wer net. Myn earen diene gewoan sear fan it lawaai dat fan de masines ôfkaam. En de waarmte en de reek yn it fabryk joegen my it gefoel dat ik yn in sauna wie. Sa hyt en benaud. Je moatte der dochs net oan tinke om dêr de hiele dei yn te stean.

Dochs wiene der yn dy tiid in soad minsken dy't dat wol moasten. Dat wiene de minsken mei de petten, de arbeiders. De arbeiders moasten hurd wurkje, fan moarns ier oant jûns let, sûnder fakânsjes en seis dagen yn 'e wike. Sy bestjoerden



ANDRE'S FERHAAL



André & Alfred

Fabryk op stellen



de masines, ferpakten de tsiiskes, diene it ûnderhâld en stiene oan de rinnende bân. Mar dit wie net sûnder gefaar. Der barden faak genôch ûngelokken. Sa't ien dy't syn earm kwytrekke yn in masine of ien dy't fan grutte hichte foel en syn bonken bruts. En foar de sûnens wie it ek net goed, om alle dagen yn dy smoarge, hite lucht te stean. Mar minsken woene dochs jild fertsjinje om yn libben te bliuwen, dus in soad te kiezen hiene se net.

Mar it wiene net allinne folwoeksenen dy't yn fabriken wurken, ek bern wurken der. Omdat arbeidersâlden net folle jild hiene, koene se de skoalle foar de bern net betelje. En dus moasten de bern ek oan it wurk. Sy wurken op in dei wol twa kear sa lang as dat ik op skoalle sit. It is gek om te betinken dat ik noch boartsje kin. En as ik de les saai fyn, dan sjoch ik nei bûten en dream ik lekker fuort. Mar ast yn in fabryk wurkest, dan moastst dyn oandacht der goed by hawwe, oars wurdst samar bedobbe ûnder in bult tsiiskes!

It wie fansels geweldich dat der safolle nije dingen makke waarden yn de fabriken. Dochse wiene it benammen de bazen fan de fabriken, de manlju mei de hege huodden dy 't der jild oan fertsjinnen. Ik neam sokke fabryksbazen de hege-huodden-mannen. Witst wêrom? Omdat hoe riker se binne, hoe in hegere hoed se nedich hawwe om al har jild yn te hâlden. Dat is echt sa!

Ik fyn it net earlik dat dy hege-huodde-mannen folle mear fertsjinnen, want it wiene de arbeiders dy't it smoarge wurk diene. Mar omdat de fabriken fan de hegehuodde-mannen wiene, bepaalden se wêr't it jild hinne gie. En dat jild, dat joegen se leaver net oan har arbeiders. Nee, har moaie huzen en lúkse itentsjes fûnen se folle wichtiger! Dat wylst de arbeiders yn krotsjes wennen en soms mar amper genôch iten hiene.

It wie eins hielendal net de tiid fan de foarútgong. Dêrom sis ik tsjin se: ' It is tiid om feroaring te bringen! Wurd wekker arbeiders! Kom yn opstân!'

André





André & Alfred

Fabryk op stellen



1

Leuk om te dwaan!

OPDRACHT 1

Wat fynsto net earlik en wêr soesto tsjin protestearje wolle?



3



Omrop Fryslân



André & Alfred

Fabryk op stellen




ALFREDS ÛNDERSYKJE

Ea wie Fryslân grut en ryk. Om 1760 hinne wie Fryslân ien fan de rykste provinsjes fan Nederlân. Mar 100 jier letter wie dat wol oars. Fryslân waard doe sjoen as ien fan de earmste gebieten fan Nederlân. Ik lies koartlyn in âld artikel dêr't de skriuwer it hjir 'it earne Fryslân' neamde. De minsken, dyn oer-oer-oerpake en beppe miskien wol, wennen yn hutsjes en lytse húskes. Sommige wiene sels sa earm dat se yn in hol yn de grûn wennen, lykas kninen. Ik tocht dat we 150 jier lyn al lang gjin holbewenners mear wiene, mar dochs wol dus, haha!

Mar it wie yn dy tiid net allinne mar ellinde yn Fryslân. Fryslân wie yn ien ding hiel goed: it meitsjen fan tsiis, molke en bûter. Ea wolris Fryske nageltsiis hân? Dat is in iuwenâlde Fryske tsiis en al iuwenlang hiel lekker! As ik der oan tink, rint it wetter my al yn de mûle..

Dochs wie benammen de Fryske bûter tige populêr. Sels sa populêr dat alle rike minsken út Ingelân it graach ieten. Bûter út Fryslân waard ek wol it 'Fryske goud' neamd. Ut Harns wei gie der direkt in boat nei Londen mei allegear kisten bûter.

It gelok fan de Fryske boeren koe net op. Se fertsjinnen geweldich oan har bûter, mar se waarden der ek wat lui fan. Wylst yn it bûtenlân bûter hieltyd mear yn fabriken makke waard, diene se it yn Fryslân noch gewoan op 'e âlderwetske wize. De Fryske boerinnen bleaune bygelyks de temperatuer mei de fingers mjitten. Yn Denemarken waard de bûter al lang yn fabriken makke en dêr hiene se al lang spesjale waarmtemeters. Ja, dy Friezen wiene wat koppich.





André & Alfred

Fabryk op stellen



Alfred



Stadichoan waard de Fryske bûter hieltyd minder populêr. En wat ek net mei help, wie dat sommige boeren begûnen te griemen mei bûter. Dan mongen se djoere en goedkeape bûter mei-elkoar, mar ferkochten se it foar djoere bûter. Dat is gewoan oplichterij. En sa'n rike Ingelske fynpriuwer fernimt it ferskil ier of let echt wol.

Foar in lange tiid gie it stadich oan minder mei de Fryske bûterhannel. De skepen yn Harns leine stil yn de haven en de boeren moasten harren rykdommen út âlde gloarjetiden ferkeapje. Oant yn 1879, doe't it earste suvelfabryk, Freia, oprjochten waard yn Feanwâlden troch menear Bokma de Boer. Op syn reis yn Denemarken hie er sjoen hoe't de Denen harren bûter yn fabriken

makken. Dat wie folle skjinner en gong folle hurder as dat de boer en boerinne thús bûter makken. Menear Bokma de Boer fûn dêrom dat we ek soks yn Fryslân ha moasten. Troch de oprjochting fan Freia begûnen de Fryske boeren te beseffen dat se wol mei de tiid meigean moasten as se de bûter noch ferkeapje woene. De suvelfabriken skeaten as poddestuollen út de grûn. Op in stuit wiene der hast wol 100 suvelfabriken yn Fryslân.

Suvel is noch hieltyd hiel wichtich yn Fryslân. Der wenje hjir hast likefolle kij as minsken! Tink der mar ris om ast simmers in stikje te fytsen giest of te rinnen. Oeral rinne kij om. Suvel is dus wol echt typysk Frysk. Sterker noch, Fryslân is ien fan de meast 'suvelige' gebieten fan de wrâld.

ALFRED





André & Alfred

Fabryk op stellen

OPDRACHT 2

It wie in hiele feroaring dat bûter yn de fabriken makke waard. Mar tsjintwurdich wurdt noch folle mear iten yn fabriken makke. Tekenje twa dingen dy 't yn it fabryk makke wurde en twa dingen dy 't net yn fabryk makke wurde (in banaan bygelyks!).

2

